

Tsjil

Tema: lekker lêze

Ivar syn miniby

Bisten nei tsjerke?!

Streektafen yn Fryslân

Fan Fryslân nei Sweden

Ynhâld

5

Kom fierder 3

Gedicht 4

Sjoch my 5

Oer de grins 6-7

Tsjilpost 8-9

Ferhaal 10-11

Tsjille fragen 12-13

Tsjek dit 14-15

Suver nuver 16

LinKke side 17

Efkes foarstelle 18

Puzelside 19

Jelte, Morris & Jamilla 20



6



17



Kolofon

Tsjil is in tydskrift foar bern fan de boppebou fan 'e basisskoalle

Einredaksje tydskrift Tsjil:
Tjitske van Akker, Cedin

Opmaak:
Grafysk / Gerke A. Hofstra

Tekstkorreksjes:
Tsjomme Dijkstra

Foto foarkant:
Jacob van Essen, Hoge Noorden

Redaksje-adres:
Cedin
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten

☎ 088 0200 300
✉ tsjil@cedin.nl
🌐 www.cedinonderwijs.nl/tsjil
ISSN: 1389-348X

Abonnemintsprizen 2022-2023:
Tsjil is fergees oan te freegjen fia
www.taalplan.frl/oanmelde

It tydskrift wurdt acht kear yn it jier
as klassespakket útjûn.

Abonneminten op Tsjil binne
troch rinnende abonneminten.
Opsizzen fan it abonnemint kin foar
1 juny fan it rinnende skoaljier.

TAALPLAN
FRYSK
2030

Wy ynvestearje mei Taalplan Frysk yn
de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op
alle skoallen en alle ûnderwiisnivo's.
Taalplan Frysk 2030 is in gearwurking
fan Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk,
NHL Stenden, Omrop Fryslân, Semko,
SFBO en de provinsje Fryslân.
www.taalplan.frl

Frysk, foar no en letter

Op 'e strún troch de biblioteek fan ús doarp kom ik de moaiste boeken tsjin. In hiel soad dêrfan passe by it tema fan de berneboekewike GI-GA-GROEN. Wat binne der moaie ferhalen skreaun en prachtige tekeningen makke oer bûten-aventoeren, bisten, beammen en blommen!

Yn dizze Tsjil giet it ek in soad oer boeken, bisten en natuer. Kinst sels in moai boek winne asto de puzel eefkes makkest op side 19. Yn de Tsjilpost giet it om streektalen yn Fryslân en op de LinKke side fynst in ynterview mei in ferneamde rapper fan it Bilt. Lekker lêze!

P.S. Ast sin hast om te nifeljen (knutselen) ha ik hjirûnder in aardige tip foar dy.



Groetwis, Tjitske

Nifelje mei boeken

Op skoalle en thús learst om sunich te wêzen mei dyn guod. Dat jildt ek seker foar boeken. Mar wat no as in boek net mear lêzen wurdt, echt net leuk is of gewoan te âld is? Dan kinst der wat moais fan nifelje (knutselje). Hjirûnder wat tips om jim klasse, lêshoek, skoalbyb of dyn keamer op te fleurjen mei boektearsels (boekvouwsels).

Stikelbaarch

Wat hast nedich:

- ✓ In âld lêsbok mei aardich wat bledsiden
- ✓ Lym
- ✓ Skjirre
- ✓ Swart papier
- ✓ Wibelegjes of twa cocktailprikkers en twa wite kraaltsjes

We begjinne mei it netsjes ôfskuorren fan it kaft. Dêrnei tearst (vouw je) alle siden, ien foar ien. Foar in lyts stikelbarchje brûkst in lyts boekje en wurdt de foarkant fan elke side yn in hoek fan 45 graden teard, as in rjochte trijehoeke. Begjinst dus by de punt rjochtsûnder en dy tearst hielendal nei de midden fan it boek. De rest fan de side bliuwt gewoan rjocht. By in grut boek tearst de ûnderste punt ek hielendal nei binnen en de boppeste punt tearst nei ûnderen sadat der eins in noch in trijehoeke ûntstiet. Ast alle siden teard hast, knipst in noaske út it swarte papier. Dat plakst op 'e foarkant



WWW.KNUTSELIDEE.NL

fan it bistke. Foar de eagen kinst der twa wibelegchjes op plakke. Kinst ek wite kraaltsjes oan 'e ein fan in cocktailprikker plakke en de prikkers tusken de siden stekke. Dan hast ek eachjes. Wolst dyn selsmakke stikelbaarch sels net hâlde? Miskien kinst der in juf of master bliid mei meitsje dy't in hjersttafel yn 'e klasse hat. Tinkst no, dat is my te maklik? Sjoch dan ris op in ynternet foar it tearen fan boeken ta in faas, in letter of sels in wurd. Wurdst der hearlik rêstich fan en it resultaat it hiel fet. Kinst dyn boek-keunstwurk ek noch fersiere mei spuitfarve en glitters ast dat aardich fynst.

WWW.STOERLEESVOER.NL



WWW.PIONIKKO.WORDPRESS.COM





BLAUMIESKE EN BLAUSYSKE

Blaumieske en blausyske,
toe lit ús noch in keunstje sjen.
Ha jim it sels wol yn 'e gaten?
Jim binne lytse akrobaten,
de geniaalste dy't ik ken.

Jim springe op in tûkje
as wie it gimnestyk
en sjogge om in hoekje
mei in hals fan elastyk.

Jim hingje oan in slinger,
jim klimme yn in tou,
jim swaaije yn 'e ringen
en draaie om 'e rekstok...
WHAUW!

Blaumieske en blausyske,
of sjogge we hjoed neat?
Sjong dan foar ús in wyske,
of ha jim dat net leard?
- Se bin 'm al wer smeard!



IVAR DE GROOT

Ferslynsto it iene stripferhaal nei it oare? Of kinsto hielendal opgean yn in spannend boek? Dat slagget net alle bern. Ivar de Groot (9) fan Wolvegea besiket mear bern oan it lêzen te krijen.

Ivar hat, tegearre mei mem Maaïke, in minybyb by de dyk te stean. 'Ik seach faker minybybs foarbykommen en dat like my ek moai ta.' It begûn mei in pear boeken, mar yntusken stean der hast tritich yn de kast. 'Us stasjontsje hjit De Leesrups, nei it boek *Rupsje Nooitgenoeg*', fertelt Ivar.

Elk dy't by De Leesrups lânskomt, mei der sa folle swalkboeken (zwerfboeken) út pakke as hy of sy wol. Ideaal, want lang net elk bern hat boeken thús. 'By my op skoalle sitte bern dy't net sa goed Nederlânsk kinne, omdat harren heit en mem út in

oar lân komme', fertelt Ivar. 'Oare bern hawwe thús net sa folle jild en dan kinne se gjin boeken keapje.' Skande, want do witst fêst wol: lêze is hiel goed foar de ûntwikkeling fan dyn taal. En it is ek gewoan hiel leuk. Ivar is dêrom berne-ambassadeur foar it Kinderzwerfboek. Dy organisaasje wol alle bern de kâns jaan om te lêzen. Ivar: 'Mem en ik ha yn totaal trije boekestasjons yn it doarp. Foaral dy by de húsdokter rint hiel goed.'

Nim my mei, lês my en lit my wer swalkje...

Hoe'tst sa'n swalkboek werkenst? 'Ik plak mei mem oranje stikers op de boeken, fan it Kinderzwerfboek. Dêr stiet op: *Neem me mee, lees me en laat me weer zwerven*. En dat is presys de bedoeling: it boek moat swalkje. As in bern it boek út hat, kin hy of sy it wer yn in minybyb sette. Sa kin it folgjende bern it boek wer meinimme. 'En dat is hielendal fergees!', fertelt Ivar. Ideaal! Op de boeken stean koades, wêrmei'tst sjen kinst wêr't it boek hinne swalke is. 'Ik kaam in kear

in boek tsjin dat hielendal út Leien (Leiden) kaam!' Sels mei Ivar ek graach mei de noas yn 'e boeken sitte. 'No lêse ik de reeks Dummie de Mummy. Dy gean oer in jonkje dat in mummy ûnder syn bêd fynt. Dêr belibbet er dan aventoeren mei!' Spannende boeken fynt Ivar it moaist. 'It fielt dan as belibje ik it sels. Mar de enge boeken lêse ik allinnich oerdeis, de minder enge jûns.'

Ivar sjocht regelmjittich bern yn de boekestasjons sneupen. Dat docht him en syn mem goed. 'Sa begjinne hieltyd mear bern te lêzen en begjinne de boeken te swalkjen.' No stean der foaral Nederlânske boeken yn De Leesrups. 'En in pear Ingelsktalige', seit Ivar. Hy en mem wolle ek mear Fryske boeken yn de minybyb krije. 'Ik ha thús doazen fol. Genôch foarried dus om de kast wer oan te foljen', beslút mem.

Wolst witte wêr't by dy yn 'e omjouwing in berneswalkboekstasjon is of wolst der sels ien begjinne? Sjoch dan ris op www.kinderzwerfboek.nl en genietsje fan prachtige (berne-)boeken!



Oer de grins

Dizze kear yn 'Tsjil oer de grins' komme wy yn 'e kunde mei Lotus. Se is foarich jier oktober ferhuze fan Goaiïngaryp (gemeente De Fryske Marren) nei Anderstorp yn Sweden.

Namme:

Lotus Borst

Leeftiid:

9

Hoe sjocht jim húshâlding derút?

Ik wenje mei heit Marcel, mem Ellen, hûn Duco en poes Fleur yn Sweden.

Myn healbroer- en sussen wenje noch yn Nederlân.

Wêrom binne jim nei Sweden ferhuze?

Heit en mem woenen earst nei Nepal mar dat woe ik net. Fierstente fier fuort en ik lykje ek net op bern út Nepal, dan soe ik sa opfalle mei myn blonde hier. Nei Sweden ferhúzje seach ik wol sitten.

Hoe fûnst it om te ferhúzjen?

Dat fûn ik wol spannend want doe moast ik nei in oare skoalle en se prate in oare taal.

Hokker talen spreksto?

Mei heit praat ik Nederlânsk, mei mem Frysk en ik kin ek wol wat Ingelsk. Op myn nije skoalle, de Ekenskola, hie ik de earste seis wike help fan in Nederlânsk famke dat yn Sweden wennet. Sy hat alles foar my oerset. Dêrnei hoegde dat net mear fan my want ik koe it hieltyd better ferstean. Ik kin no goed Sweedsk prate en



skriuwe. It lêzen fyn ik noch in bytsje dreech. Mem kin it ek al goed prate mar heit praat leaver Ingelsk as we mei Sweedske minsken prate. Hûn Duco lústert net nei Sweedske kommando's dus dat dogge wy yn it Frysk.

Sjochst ek nei Sweedske telefyzje?

Soms wol mar ik sjoch leaver nei Nederlânsktalige programma's.

Liket it Sweedsk ek wat op it Frysk?

No, der binne wol wat wurden dy't op inoar lykje. Bern binne hjir barn, skoalle is skola en in stoel is in stol. Der sitte wol wat oare letters yn it alfabet. De ä is in e (as yn pet), in å is de klank oa en in ö sit tusken in uu en ue yn.

Wat fynsto in moai Sweedsk wurd?

Untspanning is hjir koppla-av (lykas if ôfkeppeljen fan de karre fan 'e auto). Dat fyn ik wol grappich.

Hawwe jim ek typyske Fryske dingen meinaam nei Sweden?

Mem hat in Fryske tas mei nei it wurk en wy hawwe in kear stamppot makke foar besite mar fierder binne wy gewoan ússels, net hiel Frysk en ek net hiel Sweedsk.





Wat is der sa moai oan Sweden?

It is in grut lân. It is alve kear grutter as Nederlân en der wenje 10,5 miljoen minsken. It is hjir rêstiger, de minsken binne minder hastich (foaral ek yn it ferkear) en se tinke goed om inoar. Omdat der in soad romte is, hawwe de measte minsken dy't yn doarpen wenje dochs in grutte tún.

Mist ek wat oan Fryslân?

Ik mis myn famylje en de Snitser Mar. Gelokkich hawwe wy yn de simmerfakânsje in pear wiken by pake en beppe west. Doe koe ik ek wer mei in pear âld klasgenoaten boartsje. Dat wie leuk!

Hoe giet it op skoalle yn Sweden?

Mei my giet it goed op skoalle. Ik hie fan it begjin ôf in freondinstje, Lilian. Sy komt út Syrië en wy hawwe in soad wille tegearre. Ik sit op in grutte skoalle fan 357 bern en der sitte 20 oant 25 bern yn in klasse. Wy begjinne moarns om 8.10 oere en we binne tusken 13.10 en 13.30 klear. In pear kear yn 'e wike gean ik middeis nei de fritidshem, dat is de bûtenskoalske opfang. Nei hokker skoalle ast giest, hinget derfan ôf wêr'tst wennest. De gemeente bepaalt dat.

Yn Sweden giet elkenien fan 6 oant 15 jier nei de basisskoalle. Ik sit no yn klasse trije, yn Nederlân soe dat groep 6 wêze. Der binne by elk fak twa oare juffen of masters en in soart assistint tagelyk yn 'e groep. We hawwe trije, en soms wol fjouwer kear skoft (pauze)

op in skoaldei en om 11.00 oere ite wy waarm mei-inoar. De fakânsjes duorje hjir langer, ik hie 9,5 wike simmerfakânsje.

Wat dochst yn dyn frije tiid?

Ik sit yn 'e winter op hânbal en yn 'e simmer op fuotbal. Ik wol ek wol graach op hynsteriden of trompetles. Lesten hawwe Lilian en ik moaie tekeningen makke en dy by de doarren del ferkocht. Dêrmei ha wy aardich wat jild fertsjinne en ha wy in soad snoep kocht.

Wat wolst fierder noch kwyt?

De groetsjes oan elkenien op myn âlde skoalle, Bloei yn Terherne!



myn skoalle

Wat seisto?

Yn Fryslân ha wy in bysûndere situaasje, lykas oare lannen of gebieten dy't meartalich binne. Der wurde yn ús provinsje in soad talen neist inoar brûkt. Dêr learst in soad fan en it makket ús aardich linich yn 'e holle.

Talen yn Fryslân

Yn Fryslân binne tal fan streektalen en dialekten ûntstien, sa as dat eins yn alle talen bart. In dialekt is een fariant fan in taal, ek wolris in streektal neamd. De ynfloed fan it Nederlânsk en it Ingelsk liket yn Fryslân hieltyd grutter te wurden. De ien fynt dizze taalferoaringen logysk en de oar is benaud dat it Frysk en oare streektalen ferdwine sille. Yn dizze Tsjilpost lêst mear oer in oantal talen en dialekten yn Fryslân


Frysk

Lang lyn wie it gebiet Fryslân, doe noch Magna Frisia, folle grutter as no de provinsje Fryslân. De Friezen wennen by de kust lâns fan Seelân oant Denemarken ta. De taal fan dy tiid neame we it Aldfrysk. De ynfloed fan it Nederlânsk op de Fryske taal is grut. Alle gebieten dy't earder by Fryslân hearden hawwe no harren eigen taal of dialekt. It Frysk dat we hjoeddeisk yn de provinsje Fryslân sprekke neame wy ek wol it Westerlauwersk Frysk en is de twadde rykstaal fan Nederlân. It wurdt sprutsen troch sa'n 400.000 minsken. Yn it noarden fan Dútslan wurdt it Sealterfrysk en it Noardfrysk noch troch in lytse groep minsken sprutsen. De Fryske taal stamt ôf fan it Ingelsk en hat ek oerienkomsten mei it Dútsk. Sjoch mar ris hoefolle de talen eins op inoar lykje:

Ingelsk: The doar is green
Frysk: De doar is grien
Dútsk: Die Tür ist grün

Stellingwerfsk

It Stellingwerfsk wurdt sprutsen yn it súdeasten fan Fryslân, de kop fan Oerisel en it westen fan Drinte en liket op Drintske dialekten. Binnen dit gebiet binne der regionale farianten fan dit dialekt. It earste boek yn it Stellingwerfsk kaam út yn 1918. Pas nei de Twadde Wrâldoarloch waard it neist in sprektaal hieltyd mear in skriuwtal. It tal sprekkers fan it Stellingwerfsk wie yn 2009 sa'n 37.000 mar nimt ôf trochdat it by de jongerein net sa populêr mear is.



Biltsk

Eartiids (vroeger) hiene wy de Middelsee yn Fryslân. Dat wie in stik Waadsee yn it lân, ek wol in see-earm neamd. Yn it jier 1505 waard der troch minsken út Hollân in 14 kilometer lange seedyk boud om dizze see-earm ôf te sluten. De see feroare yn lân en sa ûntstie it Bilt. Miskien bist wolris oer dizze lange seedyk hinne riden want hy bestiet noch hieltyd; de Aldebiltdyk. De bouwers fan dizze dyk bleaunen hjir yn 'e buert wenjen en om de fruchtbere grûn kamen der ek Súd-Hollânske boeren nei it Bilt. Troch de jierren hinne is de Nederlânske taal fan dizze bewenners feroare troch de ynfloed fan de Fryske taal. It Biltsk is benammen in sprektaal (sa'n 6000 sprekkers) en folle minder in skreaune taal, docht út ûndersyk bliken.



Stedsfrysk

Yn Ljouwert hast it Liwwadders; in mingtaal dy't mear Nederlânsk as Frysk is. It is ûntstien trochdat Fryslân sûnt 1498 hieltyd faker troch net-Friezen bestjoerd waard. Ek yn 'e hannel krige it Nederlânsk in gruttere rol. Oare farianten fan it Stedsfrysk wurde sprutsen yn Snits (Sneek), Boalsert (Bolsward), Frjentsjer (Franeke), Dokkum, Harns (Harlingen), Starum (Stavoren), Kollum en op it Hearrenfean.



Eilannen

Lykas yn de stêden is ek op de waadeilannen in mingtaal fan Frysk en Nederlânsk ûntstien troch de komst fan Nederlânsktalige bestjoerders. Elk eilân hat syn eigen dialekt(en). De bekendste dialekten binne it Westersk, it Aastersk (Fryske dialekten) en it Midslânsk (mear fergelykber mei it Stedsfrysk) op Skylge en it Amelânsk op it Amelân. In aardich weetsje is dat de taal op 'e eilannen of oare kustgebieten faak wat sjongerich of razerich (schreeuwerig) fûn wurdt. Dat komt trochdat de minsken op in eilân altyd tsjin de wyn yn prate moatte.

Aardichheidsje:
It Fryske alfabet hat mar 24 letters yn stee fan 26.
De q en de x wurde yn it Frysk net brûkt.

1 A. Wêr wennesto?

B. Hoe hjit it soarte Frysk of it dialekt dat by jim sprutsen wurdt?

2 Hoe fynsto it dat der safolle safolle talen en dialekten yn Fryslân besteane?

- Unsin, ien taal soe better wêze
- Gjin muoite mei
- Fyn ik wol leuk
- Oars, nammentlik...

3 Wat is neffens de skriuwer in foardiel fan meardere talen neist inoar brûke?

4 Wat is it belangrykste doel fan de tekst dy'tsto lêzen hast?

- ynformearje
- amusearje
- oertsjûgje
- aktivearje

5 Lês de tekst hjirûnder yn twatallen. Lês it beide in kear foar. It giet oer it Amelânsk. Jou de wurden dy'tst net begrypst in kleurke en besprek se tegearre. De wurden dy't oerbliuwe kinne jim yn 'e klasse besprekke. Sukses!

'It Amelaands is n Hollaands-Fries mingdialekt dat spreken wordt op t Friese Waddeneilaand Amelaand. t Ontston in de periode van de 16e ieuw tot de 18e ieuw uut n verminging van Hollaandse dialektvorms mit t Fries dat oorspronkelijk op t eilaand spreken wordden, en is veural nauw verwaant an t Midslaands van t buureilaand Terskelling. Hoewel t Amelaands deur de toenemende massatoerisme op Amelaand in beskeide maote onder drok staot van t Standerdnederlaands, is t an de aandere kaante t ienigste dialekt van de Waddeneilaanden dat him tot now toe goed wet te haandhaeven en zels nog deur t merendiel van de eilaandjongeren spreken wordt.'





Heksegrytta is in ferhaal oer freonskip en oer hoe'tst dy in hâlding joust yn in klasse dêr't net ien dy ken. Soms dochst wat dat ferkeard útpakt en gebeure der dingen dy'tst fan tefoaren noait betinke koest.

It boek *Heksegrytta* is skreaun troch Hanneke de Jong. Wolle jim graach mear witte oer dizze skriuwster of har oare boeken? Sjoch dan op www.hannekedejong.frl.



Krekt sa't se tocht hie: beppe is net thús. Har bakfyts is der ek net, dat se is grif nei it doarp te boadskipjen, miskien tegearre mei mem. Of om minsken te helpen, hoewol't de measten net wolle dat de buorlju witte dat se nei har ta geane om better te wurden. Yn it doarp moatte se neat fan har ha en neame se har de Boskhekse. Behalve as se ferlet fan har ha, dan wit elkenien har te finen, dan komme se meastal nei har húske ta, djip yn de bosk.

Har boskhúske hat se sels hielendal opknapt. Doe't dat klear wie, en beppe is handich, dat hat se fan pake leard doe't dy noch by har wenne, gie se oan it wurk mei de tún. Se makke har eigen griente- en krûdetún. Dêrachter leit in stik bosk dêr't gjinien komme mei. Grytta wit net wêrom. Se is der wol hiel nijsgjirrich nei! En no't beppe net thús is, giet se derhinne. Beppe seit altyd dat se der noch net oan ta is, mar sy beslút dat se der wol oan ta is. No!

Achter de tún en de kassen, steane de beammen hieltyd tichter op inoar. Al komt der gjin sinne, it is dochs brodzich yn 'e bosk, as kin der sa in tongerbui oankomme. Grytta begjint te switten. Hie se Meike meinimme moatten? O nee, dy moast in beha keapje. Se snúft. Allinnich de tuttebellen drage beha's, oft se se noadich hawwe of net. Se hie Bauke freegje kind, dy wol

altyd wol. Dan jout se harsels op 'e kop. It is krekt oft se bang is. Trochrinne! Miskien is der neat te rêden. It is gewoan dat se wat docht dêr't se fan wit dat it net mei. Net fan heit en mem, mar ek net fan beppe. En dat is bysûnder, want dy ferbiedt hast noait wat.

It is ommers gewoan bosk mei in protte struken en beammen. Se steane sa ticht op inoar dat it heal tsjuster is. Op it gûnzjen fan miggen en neefkes nei is it stil. Sels gjin fûgel te hearren. It koe wol hieltyd waarmer wurde. As se in eintsje fierder rint, komt der mear ljocht. In iepen plak? Mar foardat se dêr is, steane de beammen ynienen sa ticht byinoar dat se der amper troch komt. As wolle se har dêr net ha. Mei de eagen hast ticht om foar te kommen dat de tûken har yn de eagen spatte, raamt se harsels troch de lêste struken en stiet dan oan de kant fan in rûn wetterke. Krekt in grutte sokkom mei pikswart sop. Om't dêr gjin beammen steane, skynt de sinne rjocht op it wetter, as in grutte, fûle spot.

Hjir is it deastil. It is hast net te wêzen fan de hite. Se fielt har ynienen freeslik allinnich. Se bliuwt stean. De lucht trillet fan de spanning. Grytta begrypt net hoe't dat kin, wêrom't dat is. In swart wetterke, moai rûn, de sinne dy't derop skynt, in prachtich plakje yn de bosk. En dochs, as der wat bart...

NEI IT LÊZEN

1. Fertel inoar yn 'e rûnte of yn lytsere groepkes wat it earste is dat by dy opkomt ast oan natuer yn Fryslân tinkst.


2. Pak in fel papier en ferdiel dat yn trije stikken. Betink trije situaasjes doe'tsto yn 'e natuer wiest op in spannend, moai of bysûnder plakje. Dat hoecht net yn Fryslân te wêzen mar mei ek in weromtinken oan in útstapke of fakânsje wêze. Meitsje in simpele tekening fan dizze trije situaasjes op dyn papier.

3. Meitsje twatallen en fertel inoar oer ien fan jim tekeningen. As it ferhaal net sa dúdlik is, meist fragen stelle.

4. Pak in skrift, of in device dêr'st op type kinst. Skriu of typ dyn ferhaal sa asto dat krekt ferteld hast.

5. As jim dit mei de hiele klasse dogge dan meie der miskien in pear bern harren ferhaal foarlêze. Kinste ek yn in groepke of yn twatallen oan elkoar foarlêze.

6. Yn in folgjende les kinne jim inoars ferhalen lêze, inoar helpe om it ferhaal noch moaier te meitsjen en de staveringsflaters (spelfouten) derút te heljen. Foar no hoecht dat noch net. Slagget it dy om in moaie tekening by dyn ferhaal te meitsjen? Wolst dyn ferhaal oan ús lêze litte en/of dyn tekening sjen litte? Mail dan in foto nei tsjil@cedin.nl.



PS foar juffen en masters: yn de temateek fan Spoar 8 steane by groep 7/8 mear lessuggestjes by it boek *Heksegrytta*. Kinste it fine ûnder *temateek - wiis mei ús planeet*. De lesbrieff by it boek *De Goargels* is ek in oanrieder! Dy fynst yn 'e temateek ûnder groep 5/6 - *Sjoch om dy hinne*.

TSJILLE FRAGEN OAN RAYNAUD



Hy is der! De earste Tsjil Tsjekt stiet online! Fan no ôf komt der sân kear yn it jier in nije Tsjil Tsjekt online dêr't jim mei de hiele klasse oan meidwaan kinne. De earste fan dy sân stiet no online. Wy fregen Raynaud wêr't dy krekt oer giet.



1 De earste Tsjil Tsjekt, wêr giet dy presys oer?

'Oer de Berneboekewike! Oer hoe leuk lêzen is en fansels oer taal. Oer taal kinst in hiel soad fertelle. Taal bestiet al hiel lang, mar feroaret altyd wer.

Wy hawwe it ek oer Berneboekewikegeskink *De waanzinnige boomhut*. Ast yn de Berneboekewike in boek keapest, krijst dat der fergees by. It alderleukste is eins dat it Berneboekewike geskink foar it earst ek yn it Frysk ferskynt. Kinst dus ek noch kieze tusken in Frysk of in Nederlânsk boek. Nou dan wist ik it wol!

2 Wat wie dyn favorite boek?



'Doe't ik op de basisskoalle siet fûn ik alles fan *De Kameleon* leuk. Ik haw dy boeken echt allegear lêzen. Ik haw de boeken yn it Nederlânsk lêzen, mar wist wol dat se der ek yn it Frysk binne? Ik soe se mar oansaffe yn de Berneboekewike as ik dy wie ;-)

3

Wat sit der noch mear yn de earste Tsjil Tsjekt?



'Wy sykje út hoe't it Frysk ûntstien is en wat de ferskillen binne mei it Frysk fan no en fan earder. Yn Tsjil International hawwe wy it mei Saskia út Nij Seelân oer taal. Se prate dêr mar leafst trije talen; Maori, Ingelsk en gebearjetaal (gebarentaal)! Gaiske sil yn **Pleinpraat** op syk nei nije Fryske wurden én siket út hoe't dy ûntstean. Hasto ek in favoryt Frysk wurd? Ik wol, myn favorite Fryske wurd is 'sabear'. Dat betsjut 'zogenaamd' yn it Nederlânsk. Prachtich!



4

Hoe belangryk is taal neffens dy?



'Belangriker ast miskien wol tinkst. In pear jier lyn hawwe wy mei Tsjek nei in sikehûs west. Dêr fertelde in dokter hoe belangryk taal dêr is. Soms komme der minsken binnen dy't gjin Nederlânsk en gjin Frysk kenne, mar wol útlizze moatte wêr't se lêst fan hawwe. Dan is it hiel belangryk dat de dokter se ferstean kin. Ik begryp dat wol. As ik my net lekker fiel dan wol ik ek it leafst yn myn eigen taal mei de dokter prate. De fideo **Taal yn de soarch** is te sjen op tsjil.omropfryslan.nl.'

5

Hast noch goede berneboeketips?

'Ik net, mar ast Tjits fan de Tjits Floch folgest dan fynst dêr in fideo mei Juf Yvonne. Yvonne jout op har webside www.kinderboekenjournaal.nl alle dagen in lêstip op har webside. Super leuk! Yn Tjits har floch sjochst dan ek dat Yvonne allegear leuke boeken meinaam hat nei Tjits. Dêr sitte fêst in pear goede tips foar dy by!'



Folgje Tsjil fia TikTok, Instagram en YouTube én skriuw jim skoalle yn foar Tsjil Tsjekt!


Tsjek dit!

Letters skriuwe: it âldste Europeeske skrift




Om wat te lêzen, moatte der minsken wêze dy't skriuwe kinne. Skriuwe yn in taal. Hoe lang minsken al skriuwe kinne witte se net. It âldst bekende skrift yn Europa is it Lineair A. Op Kreta betochten minsken fan de Minoiske kultuer sa'n 5000 jier lyn dit skrift.

Se tinke dat it âldste skrift yn 't noardwesten fan Europa it runeskrift is, dat mear as 1800 jier lyn ûntstean is. Dit runeskrift waard hjir yn Fryslân ek brûkt. Letter is hjir it Latynske skrift kommen. Dat brûke wy tsjintwurdich ek noch.



It âldste drukte Fryske boek



It âldste drukte boek yn it Frysk is it Freeska Landriucht, dat mooglik om it jier 1480 makke is. Dat wie dus oan 'e ein fan de midsiuwen. Aldere teksten yn it Frysk binne skreaun mei de hân. Of mei in pintsje krast yn klaaitabletten, hout of metaalplaatsjes.

Aldste boeken


It Freeska Landriucht is in hiel âld drukt boek, mar der binne folle âldere boeken. Dy binne mei de hân skreaun en skildere. It âldste bekende boek op dit stuit (moment) is it Etruskyske gouden boek. It is makke fan seis gouden platen.



It is makke fan seis gouden platen. It is fûn yn Bulgarije. Neffens wittenskippers is it wol 2600 jier âld.



Lekker lêze: wat is dyn moaiste Fryske jeugdboek?



Yn biblioteken, boekwinkels of by de Afûk yn Ljouwert is de wrâld oan moaie berneboeken en jeugdboeken te finen. *De Bjusterbaarlike Baron* fine wy in hiel aardich boek. Dit boek giet oer de baron von Münchhausen en dat is net de earste de bêste. Yn dit boek fertelt er wat er allegear meimakke hat op syn reizen. En dat naait derút! Der komme liuwen yn foar. Krokodillen, fisken dy't skippen opite en útsûnderlike hynders. It wiene dan ek bysûndere reizen en dit is dan ek in bysûnder boek. Mar wat fynsto? Wat is dyn favorite Fryske jeugdboek?



Gjin happy end: walrus Freya

Miskien hawwe jim foarich jier yn Tsjil lêzen of op it nijs heard oer de walrus Freya. Meastal libje walrussen yn it hege noarden. Freya wie 'op fakânsje' yn Fryslân en gie dêrnei nei Skotlân en Noarwegen. Mar minsken kamen te tichtby en dat soe gefaarlik wêze kinne as it bist har bedrige fielde. Dêrom ha se Freya yn Noarwegen deamakke. In soad minsken wiene it der net mei iens. Der wiene hiele boaze reaksjes. Se wolle út protest sels in stânbyld foar it bist meitsje.



Oer âlde tiden: archeologyske fynsten troch drûchte

Hast it ek lêzen of sjoen? Troch de waarme en drûge simmer binne der yn Europa nijsgjirrige archeologyske fynsten dien. Ek yn Fryslân. Troch de drûchte binne der yn Rinsumageast hiel âlde beamstobben (boomstronken) boppe wetter kommen. De stobben binne fan dinnebeammen dy't hjir sa'n 10.000-15.000 jier lyn hjir stiene. Dat wie nei de lêste IJstiid.



Nei de moanne: Artemis I en dêrnei

Artemis I is de earste Amerikaanske misje yn jierren nei de moanne. By Artemis-I geane der noch gjin astronauten mei. Dat wolle se wol by de twadde misje: Artemis-II. Pas by de tredde misje (Artemis-III) sille der minsken op de moanne setten wurde. Spannend foar in soad minsken. Earst dus de lansearring fan Artemis-I ôfwachtsje. Op moandei 29 augustus mislearre de lansearring fan de Artemis I-raket. Der wiene problemen mei ien fan de raketmotoaren. Op 3 septimber wie der wer in technysk mankemint. Wannear it wol slagget? Mar goed it nijs yn 'e gaten hâlde!



Op in Noarske brêge




It liket in sêne út in grizelfilm: rydst oer in brêge en dy stoart yn... It barde by it plak Tretten dêr't de 150 meter lange brêge, oer de rivier de Gudbrandsdalslaagen, ynienen yn stikken bruts. Op dat stuit wiene der in auto en in frachtwein op de brêge. Beide bestjoerders ha it ûngelok gelokkich oerlibbe. De brêge wie noch mar tsien jier âld. De bestjoerders sille harren foarearst wol net sa lekker fiele as se oer in brêge ride...



Hjir geane bisten nei tsjerke

Yn guon katolike lannen, bygelyks Meksiko en Spanje, geane in soad bisten ien kear yn it jier nei tsjerke.

Dat dogge se op 17 jannewaris, op Sint-Anthoniusdei, in feestdei spesjaal foar bisten. Dat is de dei fan de bisteseiniging yn Spanje. Neffens katoliken is Sint Anthonius in hillige man dy't alle bisten beskermet. Op dizze dei komme fan alle kanten fan it lân minsken mei harren húsdier nei de tsjerke om de segen fan San Antonio te ûntfangen. De pryster stiet by de yngong fan de tsjerke en swaait mei syn wijwetterkwast in pear kear oer de foarbygeande keppel fan hûnen of katten (foaral yn de stêd), in hynder, skiep, ezel of in okse (op it plattelân). En sels de lytste fûgeltsjes of fisken yn in kom wurde net ferjitten. Sa binne dy it kommende jier beskerme tsjin allegear ellinde en fersekere fan in goed en sûn libben.



Mar ek yn Nederlân komt it wol foar. Der binne tsjerken dy't om 4 oktober hinne lytse buorkerjibisten en húsdieren útnûgje om mei harren baaskes nei de tsjerke te kommen. Dêr kinne se in seine (zegen) ûntfange. Der binne ferskillende ideeën oer. Der binne guon dy't fine dat it net gekker wurde moat. Of dat in segen allinnich foar minsken is. Guon fine it ûnfoech (ongepast) en ûnhillich. Dy hawwe soks fan, fan 'it binne mar gewoan bisten, dy fernimme der niks fan. Se kinne



de Bibel net lêze, se begripe niks fan de preek, se sjonge net en bidde net.' It bist seinigje betsjut datst it bist alle goods en foarspoed winskest.

Yn 1929 waard der yn Wenen in grutte gearkomste organisearre troch bisterbeskermers fan oer de hiele wrâld. Yn dizze gearkomste hienen sy it oer belangrike ideeën om bistemishanneling te stopjen. In oar ûnderwerp op de gearkomste wie in brief fan in Tsjechyske mefrou Winter. Yn de brief stelde sy foar om ien dei per jier op te rjochtsjen om oan alle bisten op de ierde te tinken. De bisterbeskermers yn Wenen fûnen it plan fan mefrou Winter hiel goed. Doe moast der allinnich noch in namme betocht wurde foar dizze bistedei. De bisterbeskermers keazen foar 4 oktober, de stjerdei fan de hillige Franciscus van Assisi. Dat wie in

ferneamd man. Hy joech om it lot fan sike en earme minsken mar ek fan planten en bisten en wie dêrtroch de hillige fan ûnder oare bisten. Dat wie foar dy tiid hiel bysûnder. Neffens de ferhalen, soe hy oait in tsjerketsjinst foar bisten hâlden ha. Sûnt dy grutte gearkomste fan bisterbeskermers yn 1929 fiere we dus alle jierren op 4 oktober bistedei. No noch steane we op dizze dei stil by dat bisten bisterjochten ha en dat sy beskerme én ekstra bedoarn (verwend) wurde moatte.





Singer- songwriter Faske



Hasto wolris heard fan Faske? It is de artystenamme fan singer-songwriter Fasil Kuipers. Hy komt út Sint Jabik en makket fleurige poppy nûmers. Dat giet lekker, want wy hearre hieltyd mear fan him. Fasil is grut wurden op it Bilt en praat sûnt er lyts is Biltsk. Sjonge docht er yn it Nederlânsk. Frysk ferstiet er ek. Hy is dus net allinne in muzikaal wûnder, hy hat ek in taleknobbel!

Hoe sit dat mei al dy talen?

'Thús prate wij twee talen: 't Bildts en 't Frysk. Met ôns hait praat ik Bildts. Ons mim praat Frysk, lykas myn sussy. Met frynden ferskilt 't welke taal at wij prate. Met de fryndegroep die't ik al sont myn jeugd kin, praat ik Bildts. Met kammeraten út de stâd faak Frysk of Nederlânsk. Maar aigenlik praat ik 't allerliefst Bildts.'

Hoe dat sa?

'Bildts is de taal werin at ik dink en myn gevoelens 't bêste útdrukke kin. Ik kin dingen in 't Bildts sêge die't in 't Frysk heel nûvver klinke. Dernaast doet die taal mij an thús dinken. Ok al weun ik dan in Luwt (Ljouwert), ik mûg nag altyd graag thús weze.'

Mar net ien praat dochs mear Biltsk?

'Presys. Ik fyn 't krekt derom soa belangryk om 't Bildts soa feul mooglik te brûkken. Kînst fansels dinke dat alleen pakes en beppen 't nag brûkke. Hee maar so what? Ik brûk 't Bildts 'n heel soad met myn frynden. Der foege wij weer ândere woorden an toe soadat 't 'n aigen taaltsy wort.'

En sjonge yn it Biltsk?

'Ni, dat doen ik niet. Ik sing in 't Nederlânsk. Dat is al 'n heel klaine taal atst siest naar 't tal mînsen dat 't brûkt. As ik dan ok nag in 't Bildts singe sou, dan wort 't tal mînsen dat mij ferstaat nag feul klainer. Spesjaal foor de provînsy Fryslân hewwe wij wel 't Frise nummer Underweis nei dy skreven. Dut fersy is part fan de Yung Frysk-kâmpanje.'

PASPOART

**Namme:**

Fasil Kuipers

Artystenamme:

Faske

Leeftyd:

25 jier

Komt út:

Sint Jabik

Bekendste nûmer:

Dansen

Grutte foarbyld:

U2

Bisto benijd nei de muzyk fan Faske? Op YouTube en Spotify fynst de nijste nûmers fan Faske.

Spinnen



Krússpín

Der binne op 'e wrâld in hiele protte bisten. Dy bisten ha alle-gearre ferskillende skaaimerken (kenmerken). Mar der binne ek oerienkomsten tusken de soarten. Troch de oerienkomsten kinst bisten yn ferskillende groepen ferdiele. De bekendste groepen binne de sûchdieren, de fûgels, de fisken, de reptilen en de amfibyen. Hiel faak wurde dan ek de ynsekten neamd. Mar eins is dat net hielendal goed.

Ynsekten foarmje in ûnderdiel fan wer in folle gruttere groep. De groep fan de 'ongewervelde' bisten. Bisten sûnder bonken dus. En dy groep bestiet wer út ferskillende soarten. Njonken de ynsekten binne dat û.o. de tûzenpoaten, de kreeften en de spinnen.



Alle spinnen ha deselde bou. Se ha acht poaten, in kopboarststik mei acht eagen, in achterliif mei spintepels (om in tried te spinnen), gifkaken en twa teisters (sprieten) foar op 'e kop.

Spinnen falle op omdat se in spinreach, in web meitsje. Mei dy spinreagen fange se har iten. Foaral yn 'e hjerst kinst dy spinreagen goed sjen. Moarns betiid hingje se faak fol daudripkes. Net

alle spinreagen binne gelyk. Der binne tsjil-spinreagen, hingmatte-spinreagen en trechter-spinreagen. En net alle triedden fan in spinreach kleve. Oars soe de spin der sels yn fêstreitsje. In spin wit hiel goed watfoar tried feilich is om oer te rinnen.

Spinnen ha soms de frjemdste nammen. Wat fynst fan: de wolfspin, sebraspin, krússpín, hússpín, hingmattespín, swarte widdo (weduwe), lassospín of komkommerspín? En wilst dat gemiddeld yn elk hûs mear as 1000 spinnen wenje? Fierwei de measten sitte feilich ûnder de flier.

Troch klimaatferoaring feroaret it leefgebiet fan guon bisten. Bisto de Falske Wolfspin al tsjinkommen yn ús lân?



Hingmatteweb



Trechterweb

Sudoku

| | | | | | | | | |
|---|---|---|---|---|---|---|---|---|
| | 1 | 9 | 3 | 7 | | 5 | | 6 |
| | | 8 | 5 | | | 7 | | |
| | 5 | | | 1 | | | | 4 |
| 1 | 6 | | 4 | 2 | | | | |
| 9 | | | 1 | 6 | | | 2 | 8 |
| | 8 | | | | 5 | 3 | 6 | |
| | 3 | 2 | | 8 | 1 | 6 | | |
| | 4 | | 2 | 5 | | 8 | 9 | 3 |
| | | 7 | | | 4 | | 5 | |

Trochstreekpuzel

Yn dizze Tsjil in protte boeken en natuer. Dêrom in puzel mei bistenammen. De letters dy't oerbliuwe foarmje ek wer de namme fan in bist. Skriu dizze namme yn in e-mail en stjoer dy foar 15 oktober nei tsjil@cedin.nl. Skriuw dúdlik dyn namme, groep en skoalle yn it e-mailtsje en wat wit stjoere wy in moai boek nei dy op!

| | | | | | | | | | | | | | | |
|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|
| S | F | Û | G | E | L | S | P | I | N | O | E | H | O | E |
| T | T | N | A | F | E | J | L | A | O | S | E | Z | E | L |
| I | K | E | S | H | Y | N | D | E | R | T | N | E | P | E |
| K | R | F | K | L | E | I | M | A | K | O | E | K | A | A |
| E | O | F | Y | R | E | T | N | A | P | A | O | A | P | R |
| L | K | A | L | H | G | R | B | S | H | R | I | A | P | R |
| B | O | R | D | A | N | E | W | K | A | T | P | I | E | E |
| A | D | I | P | Z | A | G | U | I | G | E | R | M | G | B |
| A | I | J | O | Z | L | I | I | E | E | L | O | A | A | A |
| R | L | S | D | E | S | T | L | P | D | D | K | N | A | R |
| C | F | L | E | A | R | M | Û | S | I | O | S | R | I | R |
| H | A | R | E | T | N | I | L | F | S | G | N | O | E | E |
| S | T | R | Û | S | F | Û | G | E | L | K | E | O | N | S |
| R | E | D | N | A | M | A | L | A | S | O | T | T | E | R |

Earrebarre
Ezel
Flearmûs
Flinter
Fûgelspin
Gnoe
Hagedis
Hazze
Hynder
Kaaiman

Kamiel
Krokodil
Liuw
Panter
Pappegaai
Oaljefant
Oehoe
Otter
Salamander
Skorpioen

Skyldpod
Skiep
Slang
Sjiraffe
Snoek
Stikelbaarch
Strúsfûgel
Tiger
Toarteldo


Sukses

Hynstesprong

De hynstesprong komt út 'e skaaksport. Dêr mei it hynder twa foarút en dêrnei ien nei links of rjochts springe. Yn dizze puzel stiet dit jier de namme fan in berop. In berop mei njoggen letters. De namme fan it berop begjint mei de

| | | |
|---|---|---|
| f | p | s |
| s | r | o |
| r | e | o |

reade letter. De lêste letter stiet yn it middelste fakje. Mei de hynstesprong kinst de oplossing fine. Mail de oplossing nei tsjil@cedin.nl



De priiswinner fan de lêste puzels is :

groep 8B fan CBS de Burcht fan it Hearrenfean

De oplossing fan de trochstreekpuzel wie **SPREKBEURT** en út de hynstesprong kaam **ASTRONAUT**.

Jelte Morris & Jamilla

troch Peter Moorman

LEKKER LÊZE

